

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

jiergong 38 nûmer 3

novimber 2007



Redaksje:

Aant Hofstra
Sjoerd van Beem
Willem Wijnia
Metsje Huitema
Gerard van Asselt
Silvia Hania

Adres:

Swingoerd 25 , 8731 CV Wommels
Molewâl 4, 8731 AD Wommels
Walperterwei 21, 8731 CC Wommels
Tywert 4, 8731 C L Wommels
Dobbelân 6, 8734 GZ Easterein
Foarbuorren 17A, 8734HD Easterein

tellefoan:

0515-332364
0515-332482
0515-331444
0515-333295
0515-332181
06-18948689

Bestjoer:

Douwe Dirk Reitsma Smidslân 11, 8734 HJ Easterein
Immie Kamstra Monsamabuorren 1, 8844 KT Hinnaard
Willem Twynstra De Ljits 1, 8734 HL Easterein
Andre Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein
Sietske Okkema De Singel 15, 8734HP Easterein
Koois Plantinga De Singel 24, 8734 HR Easterein
Enne Jeh. Bruinsma De Singel 12, 8734 HR Easterein
Durk Okkema Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein

tellefoan:

0515-332500
0515-332149
0515-332570
0515-333134
0515-332221
0515-332448
0515-332013
0515-333005

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Wedstriidsekretariaat
2° ponghâlder
Foarsitter jongerein
Lede-administraasje
PR en Reklame
Sen. / Technyske saken

Jongereinkommisje:

Ab Scheepvaart Geins 24, Wommels
Anco Elgersma Kon. Wilhelminastraat 90, Snits
Fokje Breimer Greate Buorren 13, Kûbaard
Pieter Groenveld it Stalt 5, Wommels
Anne Hallema De Singel 19, Easterein
Jan Bouke Bouma Dobbelân 4, Easterein

tellefoan:

0515-332604
0515-851324
0515-331330
0515-333927
0515-332928
0515-532609

funksje:

Algemien lid
Algemien lid
Skriuwster
Algemien lid
Algemien lid
Algemien lid

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

Fakature		Foarsitter
Ab Scheepvaart	0515-332604	Secretaris
Anne Hallema	0515-332928	Coördinator F-pupillen en afvaardiging jeugdbestuur
Robert Hoekstra	0515-331190	Coördinator E-pupillen
fakature		Coördinator D-pupillen en keepers
Gert Jan Hiemstra	0515-331014	Coördinator C-junioren
Klaas de Haan	0515-332182	Coördinator B-junioren
fakature	0515-332331	Coördinator A-junioren

Emailadres

Douwe Dirk Reitsma foarsitter

douweenjetreitsma@hetnet.nl

Sponsorkommisje

Enne Jeh. Bruinsma Shirtsponsoring ennebruinsma@wanadoo.nl
Anne Stenekes Contactpersoan Treffer
Ype Tiemersma Reklamebuorden
Wichard Deinum Wedstrydsponsors en freonen fan SDS
Rinse Joustra Sekretaris

Aktiviteitenkommisje

Oebele Anema Klaas Okkema Eke Sybesma
Geert Hiemstra Gatske Hiemstra Annie Sjaarda

Wedstriidsekretariaat

André en Tineke Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein 0515-333134 famviea@hetnet.nl

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

Fersoarging terrein en materialen:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein 0515-332872
Harm Bergsma Skoallestrjitte 46, 8734 GN Easterein 0515-332476

tillefoan:

Konsul:

Pier Faber, 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelaasje: 34.95.01.033 Rabobank Sneek -ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

		<u>Tillefoan:</u>
Easterein:	Dukke vd Wey, Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein	0515-333240
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard	0515-332965
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

<u>Kontribúsje :</u>	Senioren fjildfuotbal:	€ 54,00	it healjier
	Senioren sealfuotbal:	€ 38,95	it healjier
	Senioren fjild- en sealfuotbal:	€ 92,95	it healjier
	A- en B-junioren:	€ 42,90	it healjier
	C-junioren:	€ 36,15	it healjier
	D- en E-pupillen:	€ 29,45	it healjier
	F-pupillen:	€ 25,55	it healjier
	foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting		

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden en freonen fan SDS is de tagong fergees.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Wichard Deinum (till. 0515-331572).

Stipers

Mear ynformaasje bij Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar nijere ynformaasje skilje mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Aspirant **senioren (fjildfoetbal)** kinne kontakt opnimme Koos Plantinga (till. 0515-332448). Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.

Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Foar sealfuotballers jildt deselde prosedure as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek noch in **pasfoto** nedich.

Oanmelding kin ek digitaal. Nijere ynformaasje is te finen op: **www.vv-sds.nl**


De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

Tongersdei 22 novimber

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst op skiif of oer de E-mail.

E-mail adres: detreffer@vv-sds.nl



Fan de redaksje



Sûnt 20 oktober is alles yn Easterein wer op streek.

Trainingsfjilden binne goed, de klaaiboksen foldogge oan de noarmen en de kantine is in plaatsje wurden.

Dat betsjut dat it no wer om it spultsje gean kin. Want dêrfoar binne wij lid fan SDS en komme wij op de Skoalleseize.

Wij hawwe de ôfrûne moanne ek wer op syk west nei nijs dat net allegear op de webside stien hat. Dat falt soms net ta,

want it nijs wat wij hawwe wolle wij ek sa gau as mooglik kwyt. Soms hâlde wij wat efter om de Treffer te fullen. Meastal geane wij sels ek noch efkes op paad om ús rubriken te fullen. Wij merke hieltyd wer dat de minsken it ek wol leuk fine om oan de wurd te kommen. Wij steane dan ek iepen foar tips.

Sa besykje wij alle kearen in Treffer te krijen fan 32 siden en dat betsjut soms dat wij de standen net altyd fermelden. Ek om reden dat se allegear op ynternet te finen binne en faak noch aktueler.

Oer ynternet sprutsen. Dêr is dizze kommende wike ek in feesje te fieren. Wij binne 5 jier "online" en hawwe yn dizze Treffer efkes werom sjoen nei ús earste berjochten en ús earste wepperke.

Wij fine noch altiten dat de Treffer en de webside elkoar oanfulle en fersterke.

Mar at dat yn de takomst sa bliuwt dêr hawwe wij it wolris oer. En de mieningen dêroer binne ferskillend.

Wij winskje jim wer in protte lêswille.

Aant

NB: dizze kear gjin 32 mar 28 siden

Ynhâldsopjefte

<i>Fan de redaksje</i>	3
<i>Ynhâldsopjefte</i>	4
<i>Fan it bestjoer</i>	5
<i>SDS 1 net sa tûk as WPB</i>	6
<i>Ut it âlde digitale archyf</i>	8
9 novimber 2003	9
<i>Twa span</i>	10
<i>Schema Zaaltrainen</i>	12
<i>Samar in wedstriid</i>	14
<i>Meinte Sixmatoernooi</i>	15
<i>D 1 en D2 op Meinte Sixmatoernooi</i>	16
<i>SDS E en F spilers op toernooi</i>	17
<i>Standen senioren per 26 oktober 2007</i>	18
<i>Standen junioren en famkes</i>	19
<i>Standen D en E pupillen per 26-10-2007</i>	20
<i>Doelpuntenmakers 2007-2008</i>	21
<i>SDS League: Stân op 30 oktober 2007</i>	22
<i>Jiergearkomst SDS</i>	24
<i>Trefferkes</i>	27
<i>Agenda</i>	28

Fan it bestjoer

Bij een sportvereniging wordt het meest gesproken over de sportieve prestaties en in mindere mate over het financiële reilen en zeilen.

Aangezien bij het ontvangen van deze Treffer de ledenvergadering reeds gehouden is en het financiële jaarverslag 2006-2007 en de begroting 2007-2008 ook definitief is vastgesteld wil ik in het kort toch nog melding maken van een aantal zaken die het afgelopen seizoen op het financiële gebied de revue zijn gepasseerd.

Ik kan melding maken van het feit dat het seizoen 2006-2007 afgesloten is met een positief resultaat van € 1.728,50. Op de

vorige ledenvergadering was bij het vaststellen van de begroting 2006-2007 uitgegaan van een positief saldo van € 1.050,-- derhalve een stijging van € 678,50.

Dit is grotendeels een gevolg van hogere sponsorbijdragen en een hogere opbrengst van de jeugdactie. Dankzij deze hogere opbrengsten hebben wij ook nog een aantal verplaatsbare doelen kunnen aanschaffen voor de jeugd.

Positief nieuws kan ik melden over de club “De Freonen fan SDS“, voorheen de club van 50.

Deze club is aan het begin van het seizoen gestart met 58 leden en aan het einde van het seizoen geëindigd met 91 leden. (Op het moment van dit schrijven zijn wij de 100 al gepasseerd).

Een woord van dank is dan ook op zijn plaats voor de sponsorcommissie.

Ook de jeugd heeft zich duidelijk laten gelden op het financiële gebied.

Met hun medewerking aan de acties (de verkoop van snoeppakketten en de Poiesz-dukatenactie) kon de penningmeester een flink bedrag bijschrijven op de clubrekening. Ook hiervoor is veel dank verschuldigd aan jeugdbestuur, jeugdleden en niet te vergeten de ouders.

Samenvattend kan vastgesteld worden dat het seizoen 2006-2007 op financieel gebied succesvol is geweest.

Om ook voor het seizoen 2007-2008 de begroting sluitend te krijgen heeft het bestuur op de ledenvergadering voorgesteld om de contributie te verhogen met 2%.

Ook wordt voorgesteld om de bijdrage aan het kledingfonds aan te passen

Tot zover in vogelvlucht de belangrijkste financiële gebeurtenissen.

Voor meer informatie verwijst ik gaarne naar het verslag van de ledenvergadering elders in dit blad.

Willem Twijnstra, penningmeester.

Nije leden:

Tim Houtsma A-1

Rianne Eringa famkes



SDS 1 net sa tûk as WPB

Dit jier stie de wedstriid SDS – WPB wer op it programma. Want de Snitsers binne werom yn de twadde klasse. Nei in min begjin, pakte WPB de lêste wiken aardich wat punten en SDS lit it wer ris sitte. It foarútsjoch wie dus net goed.

De statistiken wiene ek net goed, want de lêste jierren einigen de wedstriden meast yn it gelyk spul.

SDS tsjin WPB is de stêd tsjin it doarp. De emoasje tsjin wat mear berêsting. De passy tsjin de eangst.

En ek dizze middei gie it wer hielendal ferkeard mei SDS. At je WPB net bestride mei de selde ynset at sij dogge dan lûke je oan it koartste ein.

Okkerlêsten seach ik Bûtenpost op de selde wize tsjin WPB fuotbaljen. Benaud en sûnder te doaren. Resultaat WPB wint.



Ek no kaam SDS gewoan tekoart troch te min durf en slimmichheid. Der kamen amper kânsen foar it doel fan doelman de Jong fan WPB. Twa ôfstânskotten en nei it skoft in iepen kâns foar Tsjipke Okkema wiene de ienige echte wapenfeiten. Te faak like it dat men te folle respekt hie foar de tsjinstanner dy't er folop ynklest en sûnder oer de skreef te gean. It fuotbal wie wat slimmer.

Yn de twadde helte like it efkes mis te gean. De ferkearde agresje kaam bij beide

partijen boppe en it toanielstikje wat Floris Hiemstra en Richard de Jong opfierden
kaam seker net yn oanmerking foar in hege priis.
Skiedsrjochter Zijlstra fan Mantgum loste it taktysk goed op en dwong seker respekt ôf
bij de 22 akteurs. WPB skoarde twa kear en wûn dus mei 0-2. (ah)



**Foto's
binne fan
Henk
Bootsma**



Ut it âlde digitale archyf

Op 4 novimber 2007 is de side fan side 5 jier yn de loft. Mei rjocht kinne wij sizze dat wij yn 2002 net betinke koene, hoe't it der no hinne leit. Yn dy tiid wiene wij bliid mei in pear nijsjes yn de wike, wiene wy grutsk mei 30 besikers op in dei en bestiene der noch gjin wepperkes. Wij hawwe in pear berjochten út dy begjintiid werom op in rige setten.

SDS side On-line

It hat wat fuotten yn 'e ierde hân, mar hjoed is dan de webside fan SDS de loft yngien. De Trefferredaksje hat tegearre mei Wouter Jorritsma hjir oan wurke. Wouter hat meast de opset dien en wy as redaksje hawwe oanwizingen jûn hoe it der neffens ús ûngefear útsjen moast. Wy hawwe dernei wat gegevens ynfiert. Wy hoopje dat jimme der in soad plezier fan hawwe sille.

Geplaatst door: Willem op 4 november 2002

Wichard Deinum net langer oanfierder

De kommende wike sil SDS 1 op syk moatte nei in nije oanfierder. Wichard Deinum hat oanjûn dat hy der mei stoppet. Oer de reden dêrfan woe hy him noch net útlitte.

Geplaatst door: Aant Hofstra op 5 november 2002

Mear as 100 besikers op 'e webside!!

Undanks dat der safolle minsken út Easterein en omkriten yn 'e Lemmer wienen, hawwe der juster ek wer in soad minsken thús de wedstriid folge tusken CVVO en SDS. Fanút de Lemmer waard de tuskenstân trochbelle nei ús webmaster(ke) Anne-Marije Hofstra. Dizze sette it dan lyk op 'e webside. Mei hjirtroch hawwe der juster mear as 100(!) besikers op 'e webside sjoen.

28 mei 2003

9000e besiker!!

Juster hawwe wy alwer ús 9000e besiker wolkom hjitte kinnen op ús webside. Wa at it wie is ús net presys bekind. Ondanks it moaie waar wurdt de SDS-webside dochs noch wol aardich besocht.

20-7-2003

12.500e besiker!!!

Hjoed om presys 15.02 oere hawwe wy de 12.500e besiker hân

op dizze webside. Dit wylst wy noch net iens in jier yn 'e loft binne. De 12.500e besiker komt út Wommels, hat lang hier en skynt nochal brún te wêzen.

1-10-2003

SDS 1 jier op ynternet mei 15.000 besikers!

Moarn sitte wy presys in jier mei SDS op ynternet. It tafol wol dat wy fannemoarn ús 15.000e besiker hân hawwe. Wa at dat west is witte wy net.

De ôfrûne moanne (oktober) is de website faak besocht: sa'n 2000 besikers. De earste moanne hienen wy noch sa'n 1000 besikers.

Yn 12 moanne binne der 430 nije items op de website setten. Dit is dus mear as ien deis.

4-11-2003

It earste wepperke

Iensum

Jappie Wijnia hâldt wierskynlik fan iensumheid. Earder stie der wolris yn de krante: "de iensume spits fan SDS".

Op dit momint is Jappie dwaande mei in nije karriere. Hy is de doelman fan SDS 3. Yn de wedstriid fan SDS 3 tsjin Leewarder Zwaluwen (3-0 foar SDS) stie Jappie iensum yn it doel. Sa no en dan ris in bal oppakke, mar dat wie dan ek alles. Gelokkich waard syn iensumheid ferdrongen trochdat hast elkenien dy't efter it doel lans rûn wol efkes begong te praten tsjin Jappie.



Dat is it ferskil tusken in iensume spits en in iensume doelman.

9 novimber 2003

De wepperkes op de SDS side binne sa stadichoan de basis fan al ús berjochten. Wij binne bliid mei ús fêste ynformanten en mei nijsjes dy't oandroegen wurde. 5 jier webside hat neffens ús foar SDS goed west en hat ús yn in protte wurk (dat is ús eigen skuld) mar foaral in protte wille jûn. En per dei kinne wij no rekkenje op sa'n 500 besikers en dêr dogge je it úteinlik foar.

Willem en Aant

Twa span

<p>Yn ús rubryk twaspan dizze kear twa broerkes út Reahûs.</p> <p>Jorrit en Wierd Hofstra</p>		
namme	Jorrit Hofstra	Wierd Hofstra
wenplak	Reahûs	Reahûs
leeftyd	Net 9	Bijna 7
sântal	E3	F3
lofts/rjochts	Schiet links, schrijft rechts	Rechts
favorite klup	Heerenveen natuerlijk	SDS, en natuerlijk Heerenveen
favorite spiler	Alfonso Alves	Jawel.. Alfonso Alves
lekkerste iten	Natuurlijk 1 van de 3 'P's: Patat	Ijsjes
oare hobbys	Trainen koken	Schaatsen, zwemmen, knexen/ lego:en en trainen met Jorrit
moaiste tillevyzje programma	Pokemon	Galactic Football
nintendo of playstation?	Nintendo	Playstation

simpsons of pokemon?	Simpsons	Pokemon
keatse of fuotbalje?	Voetbal natuerlijk	Voetbal !
Favorite kompjuterspultsje	Xevos	Swords and Sandals
Stomste tillevyzjeprogramma	Creeps	Bratz
Leukste juf/meester	Juf Anny	Meester Gerard
Verliefd?	Ja, maar op wie gaat jullie 'niks an '.	Nee
Beste freontsje/freondintsje	Sybren	Jorrit
Welke fraach soe ik stelle wol oan myn favorite fuotballer?	Waar was je al die tijd ?	Heb je zelf ook kindjes die voetballen ?
Utsliepe of betiid fan't bed?	Uitslapen (heel soms...)	Vroeg (!) op
Wat wolst letter wurde?	Profvoetballer	Boswachter
Beste sjonger/sjongeres/band	Robbie Williams	Robbie Williams
Nike of adidas	Nike	Nike
Kuyt of Huntelaar	Huntelaar	Kuyt
Heerenveen of Cambuur	Heerenveen natuerlijk !	Heerenveen natuerlijk !
Gek op Spiderman	Beetje	Nee

Asto en dyn broerke of suske fuotbalje bij SDS en jim wolle ek graach in kear yn dizze rubryk oan it wurd, stjoer dan in mailsje nei sds-nijs@planet.nl .

Schema Zaaltrainen

In de sporthal staat klaar een zak met ballen en hesjes

De pionnen welke in de hal achter het kleed staan kunnen gebruikt worden

De doeltjes na afloop van de training graag weer ingeklapt terug zetten

Op maandag 2/3 sporthal beschikbaar

Op donderdag en vrijdag de gehele sporthal beschikbaar

Anne Hallema (332928) is binnen de jeugdcommissie het aanspreekpunt

TRAINERS WANNEER JE NIET KUNT, GRAAG ONDERLING RUILEN

NOVEMBER

DAG	TEAM	DATUM	TIJD	TRAINERS	
Maandag	F4/F5	19-nov	17.00 uur	Jildert Hijlkema	332554
Donderdag	D1	22-nov	17.00 uur	Andre Vink	333134
Donderdag	D2	22-nov	17.00 uur	Andre Vink	333134
Vrijdag	E4	23-nov	17.00 uur	Gert Jan Veenendaal	332672
Vrijdag	F1	23-nov	17.00 uur	Christian Plantinga	332448
Maandag	F4/F5	26-nov	17.00 uur	Bauke Dijkstra	331600
Donderdag	F2	29-nov	17.00 uur	Theo Postma	569984
Donderdag	F3	29-nov	17.00 uur	Jan Bouke Bouma	532609
Vrijdag	E3	30-nov	17.00 uur	Broer Jacob Greidanus	332461
Vrijdag	E4	30-nov	17.00 uur	Christian Plantinga	332448

DECEMBER

DAG	TEAM	DATUM	TIJD	TRAINERS	
Maandag	E2	3-dec	17.00 uur	Bauke Dijkstra	331600
Donderdag	F1	6-dec	17.00 uur	Theo Postma	569984
Donderdag	F3	6-dec	17.00 uur	Jan Bouke Bouma	532609
Vrijdag	F2	7-dec	17.00 uur	Broer Jacob Greidanus	332461
Vrijdag	F3	7-dec	17.00 uur	Gert Jan Veenendaal	332672
Maandag	C1	10-dec	17.00 uur	Durk De Jong	06-19902100
Donderdag	D2	13-dec	17.00 uur	Andre Vink	333134
Vrijdag	D1	14-dec	17.00 uur	Tsjipke Klaas Okkema	332221
Maandag	F1	17-dec	17.00 uur	Bauke Dijkstra	331600
Donderdag	B1	20-dec	17.00 uur	Klaas Pompstra	331789
Vrijdag	C2	21-dec	17.00 uur	Anne Hallema	332928

JANUARI

DAG	TEAM	DATUM	TIJD	TRAINERS
-----	------	-------	------	----------

Maandag	E1	7-jan	16.00 uur	Jildert Hijlkema	332554
Maandag	E2	7-jan	17.00 uur	Bauke Dijkstra	331600
Donderdag	C1	10-jan	17.00 uur	Andre Vink	333134
Vrijdag	B1	11-jan	17.00 uur	Klaas Pompstra	331789
Maandag	F4/F5	14-jan	16.00 uur	Bauke Dijkstra	331600
Maandag	F3	14-jan	17.00 uur	Jildert Hijlkema	332554
Donderdag	D1	17-jan	17.00 uur	Anne Hallema	332928
Donderdag	D2	17-jan	17.00 uur	Anne Hallema	332928
Vrijdag	E3	18-jan	17.00 uur	Broer Jacob Greidanus	332461
Vrijdag	E4	18-jan	17.00 uur	Gert Jan Veenendaal	332672
Maandag		21-jan	16.00 uur		
Maandag	F4/F5	22-jan	17.00 uur	Jildert Hijlkema	332554
Donderdag	E3	24-jan	17.00 uur	Jan Bouke Bouma	532609
Donderdag	E4	24-jan	17.00 uur	Jan Bouke Bouma	532609
Vrijdag	E1	25-jan	17.00 uur	Gert Jan Veenendaal	332672
Vrijdag	E2	25-jan	17.00 uur	Christian Plantinga	332448
Maandag	F1	28-jan	16.00 uur	Bauke Dijkstra	331600
Maandag	F2	28-jan	17.00 uur	Jildert Hijlkema	332554
Donderdag	F4/F5	31-jan	17.00 uur	Andre Vink	333134

FEBRUARI

DAG	TEAM	DATUM	TIJD	TRAINERS	
Vrijdag	E1	1-feb	17.00 uur	Broer Jacob Greidanus	332461
Vrijdag	E2	1-feb	17.00 uur	Christian Plantinga	332448
Maandag	E3	4-feb	16.00 uur	Bauke Dijkstra	331600
Maandag	E4	4-feb	17.00 uur	Jildert Hijlkema	332554
Donderdag	F2	7-feb	17.00 uur	Jan Bouke Bouma	532609
Donderdag	F3	7-feb	17.00 uur	Jan Bouke Bouma	532609
Vrijdag	F4/F5	8-feb	17.00 uur	Broer Jacob Greidanus	332461
Vrijdag	F4/F5	8-feb	17.00 uur	Christian Plantinga	332448
Maandag		11-feb	16.00 uur		
Maandag	E1	11-feb	17.00 uur	Jildert Hijlkema	332554

Ook na 11 februari is er zaal trainen.

Dat programma staat in een volgende Treffer

Samar in wedstriid

As beteljend lid fan in feriening lyk as SDS ha je de frijheid om it lidmaatskip út te fieren sa as je dat sels foar eagen ha.

Je ha de mooglikheid om te trainen en op sneons je wedstryden te spyljen en dat is it dan.

Mar je kinne der ek foar kieze om je yn te setten foar de klup en op hokker wize dan ek je bydrage te jaan.

Samar in wedstriid is al jierren lang de rubryk dêr't in wedstriid fan wat foar team dan ek yn ferslein wurdt.

Foar't it earste fluitsje de loft boppe de Skoalleseize as foar myn part de loft fan Arum yn blaast wurdt, is der al hiel wat bard wêr't de measte fuotballers net by stil steane.

Nim no de lieders fan SDS 4; Bas de Haan en Ivo Donath. Yn it deistich libben binne dit freonen en dat komt goed út. Want sa as dizze mannen der mei dwaande binne, dat giet rjochting it maniakale.

Se belje elkoar meardere kearen yn 'e wike om te praten oer harren spilers (en de ideale temperatuer fan it bier). En neist harren oanwêzichheid op it oerlis nei harren earste (en lêste) training fan de tongersdeitejûns, ha se eltse freed in spesjale gearkomste om de opstelling en de wize fan spyljen troch te praten. Rinse Joustra mei dan ek graach oanskowe.

Under it genot fan in kâlde klets (as twa) wurde de puntsjes op de I set.

Dit jier giet dat sa goed, dat SDS 4 yn Arum as titelkandidaat sjoen wurdt.

Teminsten foar de wedstriid fan 6 oktober, it oanplakbiljet mei dêr op as ûndertekst; titelkandidaat nûmer 1. (sjoch

ek wepperkes woansdei 10 oktober) seit genôch!

It mei dúdlik wêze dat dizze mannen der foar libje en as harren ynset ek mar in bytsje oerslacht nei SDS leden dy't noch gjin funksje binnen de klup ha, dan sitte we nea sûnder frijwilligers! (SVB)



Zat. 6 okt. '07
Aanvang 12.45 u.
"de beloften"
ARUM 2
S.D.S. 4
Gratis Entree
Titelkandidaat nummer 1
Sterk Door Samenspel - uit Easterein / Wommels

Stadion "de Boring" vanaf 11.00 uur open voor publiek. Kom op tijd (geeft ook voor de spelers) want Vol = Vol!

Meinte Sixmatoernooi

Op 20 oktober wie foar de 10 de kear it Meinte Sixma jeugdfoetbaltoernooi. Alle Efkes, Eetsjes, en Deetsjes kamen op dy prachtige sneontemoarn yn aksje. It wie earst wol aardich fris mar de jeugd spilen har wol waarm. Fol hertstocht en ynset waarden der lytse partijen dien. Nei ôfrin wie der foar elke dielnimmer in prachtige medalje.



Soms hat in doelfrou it rêstich en kin sij best efkes mei wat oaren bijkletse (foto 1) Op foto 2 diele Pieter Groenveld en Eeltje Sixma de medaljes út oan de E's. Eddy de Boer en Syb Overall huldigje alle F-kes en Jan, Solomon en Weesel woene bêst efkes pronkje mei de medalje (foto 4) (ah)

D 1 en D2 op Meinte Sixmatoernooi



Alle gear hiene se harren bêste dien en derom krigen se ek alle gear in medailje. En doe noch meielkoar op de foto. De Deetsjes fan SDS. + (ah)

SDS E en F spilers op toernooi



Nei ôfrin fan it Meinte Sixmatoernooi moasten noch wol alle spilers meielkoar op de foto. En it foel net mei se allegear bij elkoar te krijen.. (ah)

Standen senioren per 26 oktober 2007

Hjir ûnder steane de standen fan de senioaren. Omwille fan de romte fermelde wij allinne it ûnderste diel (SDS 2) of it boppeste diel fan de ranglist

1.	BCV 1	7	6	1	0	19	17	5	0
2.	Oeverzwaluwen 1	7	5	0	2	15	15	7	0
3.	SDS 1	7	3	2	2	11	18	12	0
4.	Trynwaldster Boys 1	7	3	2	2	11	12	9	0
5.	Broekster Boys 1	7	2	5	0	11	10	7	0
6.	Buitenpost 1	7	3	1	3	10	9	8	0

6.	The Knickerbockers 3	6	2	2	2	8	18	10	0
7.	CVVO 2	7	2	2	3	8	14	19	0
8.	SDS 2	6	2	1	3	7	7	10	0
9.	Drachtster Boys 4	6	2	0	4	6	17	29	0
10.	Be Quick D 2	6	1	1	4	4	10	17	0
11.	Blauw Wit '34 3	6	1	1	4	4	13	22	0

1.	QVC 2	6	5	1	0	16	17	7	0
2.	Blauw Wit '34 4	7	4	1	2	13	18	11	0
3.	Trynwaldster Boys 2	7	4	1	2	13	18	19	0
4.	SDS 3	6	3	3	0	12	11	7	0
5.	Leeuwarder Zwaluwen 4	6	3	1	2	10	6	7	0
6.	SC Berlikum 2	7	2	2	3	8	22	14	0

1.	Arum 2	6	5	0	1	15	33	14	0
2.	Oeverzwaluwen 4	6	5	0	1	15	25	10	0
3.	QVC 4	5	4	0	1	12	22	12	0
4.	TOP'63 3	5	3	1	1	10	15	11	0
5.	Tzum 2	6	3	1	2	10	17	10	0
6.	SDS 4	5	2	1	2	7	24	13	0

1.	VVI 4	6	6	0	0	18	57	9	0
2.	Makkum 4	6	5	1	0	16	24	4	0
3.	SDS 5	6	4	2	0	14	14	7	0
4.	Heeg 4	6	3	1	2	10	22	13	0
5.	AVC 4	6	3	1	2	10	19	12	0

Standen junioren en famkes

Om wille fan de romte is allinne de boppeste of de ûnderste helte fermeld. Aktuele standen binne altiten te finen op www.vv-sds.nl

1.	Oeverzwaluwen A1	7	6	1	0	19	43	7	0
2.	CVVO A1	7	5	1	1	16	27	9	0
3.	Makkum A1	7	5	0	2	15	18	16	0
4.	LSC 1890 A1	7	4	2	1	14	35	3	0
5.	Jeugd Voetbal Bolsward A1	6	4	0	2	12	19	13	0
6.	SDS A1	6	4	0	2	12	23	20	0

8.	Jeugd Voetbal Bolsward B1	6	3	0	3	9	16	11	0
9.	Leeuwarder Zwaluwen B1	6	2	1	3	7	19	17	0
10.	Wykels Hallum B1	6	1	0	5	3	16	35	0
11.	SDS B1	7	0	0	7	0	5	53	0
12.	Makkum B1	7	0	0	7	0	2	64	0

1.	Nijland C1	6	5	0	1	15	49	8	0
2.	SDS C1	4	4	0	0	12	21	4	0
3.	Oudega/HJSC C1	5	3	1	1	10	22	12	0
4.	RES C1	5	3	0	2	9	10	14	0
5.	Lemmer vv C1	5	3	0	2	9	10	14	0

1.	LAC Frisia 1883 C6	6	6	0	0	18	30	11	0
2.	Terschelling C2	5	4	0	1	12	39	6	0
3.	FVC C3	5	4	0	1	12	33	12	0
4.	St.Annaparochie C3	5	3	1	1	10	20	14	0
5.	SDS C2	5	3	0	2	9	31	22	0
6.	Sneek Wit Zwart Combinatie C3	5	2	2	1	8	17	9	0

6.	ONS Sneek DA3	3	2	1	0	7	23	1	0
7.	DV Bolsward DA3	5	1	1	3	4	9	25	0
8.	Tzum DA1	5	1	0	4	3	10	30	0
9.	Harlingen DAJ	4	0	0	4	0	4	25	0
10.	SDS DAJ	5	0	0	5	0	2	60	0

Standen D en E pupillen per 26-10-2007

Hjirûnder de plakjes dy't de SDS jeugdteam ynnimme op dit stuit. Yn de folgjende Treffer fermelde wij de folledige standen fan dizze teams

5.	SDS D1	5	3	0	2	9	17	15	0
4.	SDS D2	6	3	1	2	10	29	16	0
4.	SDS E1	5	3	0	2	9	25	15	0
8.	SDS E2	6	1	0	5	3	7	41	0
6.	SDS E3	6	3	0	3	9	31	23	0
9.	SDS E4	6	0	0	6	0	4	51	0
2.	SDS F1	5	5	0	0	15	30	9	0
8.	SDS F2	6	1	0	5	3	8	15	0
7.	<u>SDS F3</u>	6	2	0	4	6	28	21	0



Futsal 3 is ek wer in kear op de foto kommen. stand: Pieter, Johan, Johan, Pieter, op hurken: Andre, Klaas, Hendrik oan it wurk: Tsjerk, Harm Auke

Doelpuntenmakers 2007-2008

			6-10	27-10	tot
Gearard	Posthumus	IV en V	8		8
Harm A	Dijkstra	V	7		7
Jelmer	Posthumus	I en II	5		5
Remco	Bervoets	III	4	1	5
Hendrik de	Jong	I	4		4
Dirk de	Jong	I en II	4		4
Johan	Delfsma	IV	4		4
Bas de	Haan	IV	2	2	4
Willem	Veenstra	IV	2	1	3
Tjalling	Sikma	I	3		3
Pieter	Kamstra	II	1	2	3
Jentsje	Jorritsma	III	3		3
Gerlof	Veldstra	IV	3		3
Dirk Y	Sjaarda	I	2		2
Paul de	Boer	III	2		2
Anco	Elgersma	III	2		2
Gerrit	Flisijn	III	1	1	2
Wichard	Deinum	III	1	1	2
Bertus	Bootsma	IV	2		2
Klaas	Visser	V	2		2
Eddy de	Boer	V	2		2
Skelte	Anema	I	1		1
Tsipke	Okkema	I	1		1
Erik	Haitsma	I	1		1
Feite de	Haan	II	1		1
Hjalmar	Ruiter	III	1		1
Jeroen	Wagenaar	III	1		1
Ivo	Donath	IV	1		1
Gerlof Jan	Hofstra	IV	1		1
Bas vd	Wey	IV	1		1
Durk	Okkema	V	1		1
Ids	Boersma	V	1		1
Sipke	Hiemstra	V	0	1	1

Hij stiet hast alle wiken bij sc Heerenveen op de tribune. Ut en thús. Hij let spsjaal op spitsen. Alves dat moat syn favoryt wêze: Gearard Posthumus is mei 8 doelpunten de topskoorder op dit stuit.

Allinne Harm Auke kin noch wat yn it spoar bliuwe.

De bruorren de Jong jouwe neat op elkoar ta.

Der steane hiel wat SDS spilers net yn de list. Meast opfallende ûntbrekkende namme is dy fan Ype Tiemersma. Hij sit yn in djippe doelpuntearme krisis.

SDS League: Stân op 30 oktober 2007

Stand	Vorige stand	Naam team:	Coach:	Woonplaats:	Week 4	Week 5	Week 6	Totaal	Prijzen
1	1	Eastender Nightmares	S.T.W.	Easterein	41	26	29	204	€ 12,00
2	12	Al Bundy; The Chief	S.v.B.	Leeuwarden	45	28	44	193	€ -
3	2	The Butchers	L.B.	Easterein	42	30	29	190	€ -
4	8	Peppi en Kokki	T. en P.W.	Wommels	40	24	38	190	€ -
5	3	Vedettes R.L.P.	A.F.d.B.	Wommels	55	29	28	188	€ 4,00
6	13	De Hylkieten	J.H.	Wommels	24	29	38	187	€ 4,00
7	4	Alles anders	A.H.	Zeist	22	28	28	186	€ 4,00
8	17	A.K.A. LD.I.O.T.	W.W.	Wommels	38	17	40	186	€ -
9	19	Goudhaantje	F.d.H.	Easterein	29	27	41	186	€ -
10	20	No Alves, no Glory	F.B.	Wommels	29	27	41	186	€ -
11	23	058-eeh	S.A.	Leeuwarden	26	32	46	186	€ 4,00
12	6	FC Arquen	A.T.d.V.	Heerenveen	50	22	30	185	€ -
13	21	Jan Bami Boys	M.F.	Leeuwarden	33	30	41	185	€ -
14	7	Jeroen	J.B.	Wommels	40	30	27	182	€ -
15	9	PSV Boeruh!!	H.A.D.	Easterein	54	28	30	182	€ -
16	18	SC Sebeare	J.R.B.	Easterein	51	18	35	181	€ -
17	29	Tiid is tiid	S.d.S.	Skrok	31	21	45	181	€ -
18	11	FC Trochsette	P.R.	Wommels	55	20	31	180	€ 4,00
19	5	Forever Young	A.en P.W.	Wommels	29	20	23	179	€ -
20	15	Snel, Save en Simpel	J.S.	Easterein	55	29	29	178	€ 4,00
21	16	De Toppers	G.S.	Exmorra	40	27	29	177	€ -
22	33	Nederlandvist.nl	H.P.	Wommels	31	20	41	175	€ -
23	14	INK	ILK.	Grins	30	29	25	174	€ -
24	35	Robert S.	R.S.	Easterein	30	31	38	171	€ -
25	25	Alle Besten	S.P.	Wommels	27	22	31	170	€ -
26	28	FC Dujo	D.v.d.W.	Easterein	25	29	32	170	€ -
27	37	The S-Unit Red Wings	B.S.	Spannum	35	21	40	170	€ -
28	27	De Elf van Delf	J.D.	Wommels	27	26	31	169	€ -
29	41	Anne Steen eindelijk op	A.S.	Wommels	28	25	42	169	€ -
30	31	Der is mar ien nûmmer	A.M.H.	Wommels	18	22	32	167	€ -
31	39	Bob Ballevanger	F.B.	Easterlittens	41	20	39	167	€ -
32	10	In Control	H.E.	Wommels	29	24	15	166	€ 12,00
33	22	SDS FC	E.d.B.	Easterein	36	25	24	166	€ -
34	30	Janet	K.D.	Leeuwarden	23	26	30	166	€ -
35	32	Sorboys	H.d.J.	Wommels	53	17	32	166	€ -
36	36	Guus Meeuwis	G.J.H.	Easterein	35	20	36	166	€ -
37	44	FC Sjaak Afhaak	S.W.	Wommels	39	20	41	166	€ -
38	63	Dream Theater	G.P.	Wommels	33	25	52	166	€ 12,00
39	24	Sing Song Ling	W.J.	Leeuwarden	21	35	25	165	€ 12,00
40	26	Forever Never	I.D.	Wommels	34	23	27	165	€ -
41	50	FC Grasmot	E.d.B.	Easterein	23	20	43	165	€ -
42	46	Arie Boukhari	A.P.	Wommels	36	22	38	162	€ -
43	34	B.A.S.	B.v.d.W.	Easterein	33	16	28	161	€ -
44	45	Super Solo de Boer	E.d.B.	Easterein	31	19	37	161	€ -
45	38	Team Pussy	T.S.	Leeuwarden	36	18	31	160	€ -
46	47	De Goddelijke Kanaries	T. en S.B.	Lollum	37	22	36	160	€ -
47	53	Switst al?	P.d.B.	Wommels	19	22	40	160	€ -
48	56	My My, Hey Hey	L.H.	Wommels	31	15	41	160	€ -
49	48	T. en T.	T.H.	Easterein	23	23	35	159	€ -

Stand	Vorige stand	Naam team:	Coach:	Woonplaats:	Week 4	Week 5	Week 6	Totaal	Prijzen
50	52	November Rain	G.T.	Easterein	35	17	35	156	€ -
51	58	Mukkes	M.H.	Easterein	17	25	36	155	€ -
52	54	Fonzybob	S.R.	Wommels	37	24	32	152	€ -
53	60	De Top Drie	T.d.J.	Lollum	24	21	34	152	€ -
54	55	Team Toering	J.T.	Weidum	33	25	31	151	€ -
55	57	Kladdekoer FFK (Fryske	L.d.B.	Easterein	32	21	32	151	€ -
56	49	Harm Bergsma	H.B.	Easterein	21	16	27	150	€ -
57	51	Aad de Moskees	K.A.	Grins	45	20	28	150	€ -
58	62	D'r op of d'r onder	S.K.	Easterein	19	14	35	150	€ -
59	64	FC Broja	B.J.G.	Wommels	17	24	39	150	€ -
60	43	Smidslân United	F.R.	Easterein	50	16	21	146	€ -
61	65	Op naar de top	M.F.	Easterein	28	24	37	145	€ -
62	40	Jelsmanian Devils	J.S.J.	Easterein	16	22	15	143	€ -
63	67	This is Anfield	F.en S.S.	Easterein	13	28	36	142	€ -
64	42	Hoe fier komt Pier ?	P.F.	Easterein	39	25	15	141	€ -
65	61	Happy Feet	H.d.H.	Wommels	28	19	22	139	€ -
66	59	Grensegeval	A.B.	Wommels	19	33	14	133	€ -
67	71	SC Hinnaard	I.K.	Hennaard	18	21	36	132	€ -
68	68	De Poldervogels	P.K.	Easterein	27	21	27	131	€ -
69	69	Flyers	T.d.B.	Easterein	12	18	26	126	€ -
70	72	Easpanne	M.B.	Easterein	11	24	31	125	€ -
71	66	Manchester United	J.K.	Easterein	12	14	13	120	€ -
72	70	FC Panna	P.W.	Wommels	23	12	20	119	€ -
73	73	RTMH	R.Z.	Easterein	30	12	19	106	€ -
74	74	Team Kooistra	H.K.	Easterein	18	6	20	94	€ -
75	75	P. van P.	P.L.vdV.	Wommels	15	10	10	81	€ -

Ynmiddels binne wy alwer 6 wiken oan de gong mei de SDS League. Dit betekent dat wy alwer hast op de helte binne.

Sybrén Wijnia (gjin famylje) docht it mar knap yn de SDS League. Hy stiet no al 5 wiken boppe-oan mei syn Eastender Nightmares.

Gearard Posthumus pakt dizze wike mei 52 punten oertsjûgend de wykpriis mei Dream Theater. Syn freoninne docht it dizze wike wat minder. Sy (Alise de Vries) sakket mei FC Arquen fan 6 nei 12.

It gie op it heden net sa denderend mei de “nummers 1”. “Anne Steen eindelijk op 1” en “Der is mar ien nûmmer 1” (Anne-Marije Hofstra) bliuwe beide heakjen rûn it 30e plak.

12 koaches wienen der aardich wiis mei dat Alves (HEE) tsjin Heracles 7 goals makke. Pier Faber wie der net sa wiis mei. Syn team “Hoe fier komt Pier” hat namelijk Pieckenhagen (HER) op de goal stean.

Pieter Liewe van der Valk stiet wykliks by SC Heerenveen te juichen om de goals fan Alves. Hie hy Alves no mar yn syn team, P. van P., setten dan hie der ek net stief ûnderoan stien.

Binkenkaart sil it jild foar it meidwaan oan de earste helte fan de SDS League fan jim rekkens ôfskreaun wurde. De earste 5 wykprizen sil dan ek útbetelle wurde.

De kommende wiken kinne jim op www.vv-sds.nl de nijste stân wer fine en fansels yn de nije kantine. (WW)

Jiergearkomst SDS

Op moandei 29 oktober wie de jiergearkomste fan SDS. Foar it earst mei Douwe Reitsma as foarsitter, foar it earst yn de nije kantine en de earste ledegearkomste yn it gebou.

Sa as gewoan hiene wer sa'n 27 leden de muoite naam om efkes lâns te kommen. Yn seefûtgelflecht geane wij de punten efkes bylâns:

- in wolkom oan in eare lid, in eare foarsitter, twa leden fan fertsjinsten en sa', 23 gewoane leden
- Immie Kamstra lêst oantekens fan 6 novimber foar- gjin opmerkings
- Immie Kamstra lêst jierferslach 2006-2007 foar
- Jappie Wijnia docht as foarsitter fan de jongereinkommisje it jieroersicht
- Nei de winterstop komt der in F4 en mooglik in F5
- Syb Overall nimt ôfskie as lid fan de jongereinkommisje.
- Der binne op krúsjale plakken fakatueres: foarsitter jongereinkommisje en foarsitter TC.
- Jan Bouke Bouma en Ab Scheepvaart komme yn de jongereinkommisje
- Enne Johannes Bruinsma lêst ferslach sponserkommisje
- It nije stek komt yn wike 44 of 45 en de boerden komme earst net oan de kantine kant, wat Tinus Hoekstra fernuvert.
- Dit seizoen komt der noch in sponserjûn
- Der binne no mear as 100 50 euro leden
- Willem Twijnstra jout útlis bij de jiersifers en de begrutting: it stiet er finansjeel net min foar.
- Aant Hofstra wol graach witte op hokker wize de sinten fan de klup fan 50 ferantwurde wurde. Dat soe dochs ynsichtlik wêze moatte. De foarsitter seit dit ta.
- Kaskommisje leden Eddy en Jelle de Boer koene gjin spjelde fine yn de papieren fan Willem
- Finansjeel ekspert Tsjerk Okkema nimt it plak yn fan Jelle
- De kontribúsje wurdt mei 2% ferhege
- De klaaifûns bydrage moat ek omheech: bij de senioaren fan 6 nei 8 euro 2 euro en bij de rest fan 6 nei 7 euro
- Roel Sijbesma ferlit hij 9 jier it bestjoer. Hij hold sich foaral dwaande mei fuotbaltechnyske saken en it futsal. Roel krige de klomp.
- Jappie Wijnia naam ek ôfskie fan it bestjoer. Hij siet as foarsitter fan de jongereinkommisje yn it bestjoer. Hij hat hiel wat op poaten setten en krige de komplimenten. De oare klomp wie foar him
- Durk Okkema waard wolkom hjitten as nij bestjoerslid. Hij giet de technyske saken dwaan.
- Immie Kamstra hat wer bijtekene as bestjoerslid. Dat is in heuchlik feit.
- It wie skoft en dat betsjutte dat de rokers nei bûten gongen en de oaren in bakje krigen en de tradisjonele fulde koek
- It omfreegjen kin begjinne

- ❑ De foarsitter jout oan dat alle klups in skeidsrjochterskoordinator haw moatte. Bij SDS is dat André Vink.
- ❑ De lûdynstallaasje docht it bûten noch net. Derom kin der net omropt wurde dat je gjin fjoerwurk ôfstekke meie en dat je allinne mar bûten de kantine kofje of fris drinke meie yn plastyk bekerkes.
- ❑ Klaas de Haan freget serieuze oandacht foar it probleem fan it kader bij de jeugd. De leden binne ek fan miening dat it bestjoer hjir yn ferantwurdlikheid nimme moat. Miskien help freegje bij ynstânsjes. Yn alle gefallen wat dwaan om foar te kommen dat wij oer in jier wer it selde probleem oankaarte moatte.
- ❑ Jan de Jong freget oandacht foar it scoreboerd. Nei it net goed te praten stopsetten fan de klok tidens Easterein Wommels hold de klok no mei 40 minuten op. Willem Twijnstra jout dat de klok noch ynsteld stie op in wedstriid fan de B's en dy duorje 40 minuten. Gewoan in ferfelend momint dus.
- ❑ Jan de Jong jout mei út namme fan de lieder Rene Zijlstra en Stoffel Bouma oan, dat sji harren noch hawwe fan it oan de man bringen fan de grutte klup aksje lotten. In oantal jonge leden moast samar 7.50 euro op hoastje en it duorret soms moannen foardat de lieder dat jild binne hawwe. It bestjoer jout oan dat se it jild net misse kinne.
- ❑ Willem Wijnia wol fan it bestjoer witte wat harren belied is oangeande de begjintiid fan de wedstriden fan SDS 2. No foar it earste wylst it foar de klup miskien wol better is om it om 14.30 iere te dwaan op "de oare sneon". De foarsitter jout oan dat der net echt in belied is en dat de trainers hjir sizzenkip yn hawwe. Bestjoer sil hjir neier oerprate.
- ❑ Willem Wijnia jout út namme fan SDS 2 ek oan dat de begjintiid fan de training wol hiel let is. Foar de spilers fan SDS 2 net leuk. Is in om en om sitewaasje mei SDS 1 net mooglik? Seker op tongersdei jou it mei de liedersearkomst problemen om 22.30 noch minsken te beljen. It bestjoer sil hjir nochris nei sjen mar jouwe oan dat hjir foar keazen is omdat jeugdtrainers net altyd ûnder iten hoege.
- ❑ Willem Wijnia wol graach in regeling foar reserve futsallers. Fan de 9 spilers binne der no mar 6 oere en it is te djoer om lid te wêzen om sa no en dan yn te fallen. Bestjoer fynt net dat se harren eardere stânpunt wer omdraaie moatte.
- ❑ Robert Hoekstra ergert him oan it ballenhok. It bestjoer jout oan dat it ek harren ergert en dat der ynkoarten dingen feroarje om de oare romte beskikber is.
- ❑ Tsjerk Okkema wol graach witte hoe't it sit mei de keepers yn relaasje ta it kleanfûns. It betsjuer jout dat er in regeling is foar seleksjekeepers en dat sji nochris beprate sille wat se hjir mei dogge.
- ❑ Aant Hofstra wol graach witte wat er bard is mei de ynventarisasje dy't dizze maaitiid holden is om te sjen wat leden dogge of dwaan wolle foar de klup. Bestjoer jout oan dat 80 % net reageare hat en de 20 % dy't wol reageare hat de groep wie dy't just wol wat diene. Uteinlik bart er no neat

mei. Der sil nochris bepraten wurde hoe je dit wol yn byld krije kinne. It is miskien no wol te frijbljuwend

- Aant Hofstra wol ek witte at it bestjoer no ek belied makket om mear jongere famkes op fuotbal te krijen. At wij ek yn de takomst in serieuze “damespoat” hat wolle dan sil der no oplieden wurde moatte. Bestjoer hat him dêr noch net mei dwaande holden en sil it op de agenda sette.

Om 22.35 slút foarsitter Douwe Reitsma de gearkomst mei tank oan de oanwêzigen foar de ynbring.

(ah)



Roel Sijbesma en Jappie Wijnia hawwe it ôfskiedskado krigen en geane laitsjend it bestjoer út.

**SDS is op syk nei in foarsitter foar de
jeugdkommisje en in foarsitter fan de technyske
kommisje**

Trefferkes

Fjoerwurk

Tidens de wedstryd SDS 1 - Waterpoort Boys 1 wurdt der in flinke striker ôfstutsen efter de goal. Hjir steane allinnich mar Snitsers, dus it mei dúdlik wêze dat de striker troch in Snitser ôfstutsen waard. Ien fan de Waterpoortfroulju reageerd hiel ferbaasd; "Wat was dat? Wa dat ien fan ons?"



Ajax supporters

Eddy de Boer, Hendrik Okkema en Siep Boonstra binne trouwe Ajax fans. Ek yn minne tiden. Dus no ek noch. De útstapkes nei it Europees fuotbal yn de Arena wiene hichtepunten foar de mannen. Se makken der dan altyd in leuke middei, jûn, nacht fan. De lêste kear dat se dit útstapke diene, moat tsjin Praag west ha. Ek no teagen se wer moai op tiid de Ofslútdyk oer.

Se sochten efkes in gelegenheid op om op adem te kommen nei de lange reis en namen in hapke en op tiid in sapke.

It wie gesellich en foar je it witte is it dan 22.00 oere. Je kinne op sokke mominten de tiid soms hielendal ferjitte. 22.00 oere is sa ûngefear in kertier yn de twadde helte en dan hat it fansels ek net folle sin om hielendal nei it stadion te gean en al dy hege treppens te beklimmen.

Boppedat wie Siep net al te fit (ferkeard iten of sa) en it like de twa oare hearen better om Siep mar efkes yn syn eigen auto te lizzen en sels noch efkes te hearen hoe't it no ôfrûn wie.

De mannen wachten ûnder yn in barke oant de echte supporters kamen (je krije op lêste ek wol toarst fansels)

It resultaat wie net goed en dat moast fansels bedronken wurde. Op ien foet kinne je net gean dus... it bekinde liet: it waarden wat mear

Nei ferrin fan tiid waard dochs mar besletten om op nei hús te gean. Op dek safolle, rige safolle stie de auto fan Siep. Mar frjemd genôch seagen se Siep net lizzen. Lichte panyk makke him master fan de twa mannen want it sil dochs net sa wêze dat hij de stêd wer yn is.

Sa rûnen se wat hin en wer en besochten him te beljen. En ja hear, se krigen gehoar. "wêr't er wie? ; "no yn de auto fansels". Ferbaasd en ferbjustere moasten de twa hearen konstateare dat se it ferkearde dek hiene en dat ien dek leger in selde soarte fan auto stie mei in útsliepte Siep der yn.

Agenda

Wannear?	wat ?
Sneon 3 novimber	Balk - SDS 1
Moandei 5 novimber	Old Forward 1 - SDS 1
Sneon 3-nov	Balk 1 en 2 - SDS 1 en 2
Sneon 3-nov	SC Heerenveen - PSV
Snein 4-nov	Webside SDS bestiet 5 jier!!
Moandei 5-nov	Futsal: Old Forward - SDS 1
Sneon 10-nov	SDS 1- 't Fean 58
Snein 11-nov	Feyenoord - Ajax
Moandei 12-nov	Bestjoersgearkomst
Sneon 17-nov	Buitenpost - SDS 1
Moandei 19 nov	Sealtrainen foar jeugd begjint
Woansdei 21-nov	Futsal: ZVF 1 - SDS 1
Sneon 24-nov	Beker/inhaal
Woansdei 28-nov	Futsal: Urk 2 - SDS 1
Tiisdei 1 jannewaris	Sjoerd en Jan geane wer liften

www.vv-sds.nl